

# Froastferlet

útbrocht op de Rayonhade-CD Skodzje foar it brûken

winter is in moaie tiid	Am	Dm
winterdeis bin ik sa bliid	G7	C
as it friest dan wurkj' ik net	Am	F
dan ha'k lekker froastferlet	E7	Am
froastferlet, froastferlet	F	C
dan ha"k lekker froastferlet	E7	Am

fan 't simmer ha ik boufak hân  
tusken al dy minsken op it strân  
nee, sa'n drokte hoech ik net  
'k ha folle leaver froastferlet

buorman stapt al út de doar  
it wurk dat ropt: hy giet der foar  
ik bliuw lizzen, 'k hoech noch net  
ik ha lekker froastferlet

buorfrou is ek net sa let  
hat in bakje kofje set  
ik kom del, ik ha ferlet  
o, wat ha'k in froastferlet

komt buorman thús, dan is hy wurch  
mar ik sit oan 'e bearenburch  
buorfrou, dêr is al mei rêd  
want ik ha ommers froastferlet

winters is de tiid foar my  
dan haw ik myn hannen frij  
nee, myn buorman hat soks net  
mar ik ha lekker froastferlet